



DÛNS

Jan Siebelink

Henk Wielakker lei op bêd foar it ferplichte middeissliepke, de strik wat loslutsen.

Hy waard wekker. Nei alle gedachten troch flústerjen op 'e gong achter syn doar. Syn keamer yn fersoargingshûs Jûnsread kaam him frjemd, ûnbekend foar. Sakrekt noch, yn syn dream, wie er oan it skoffeljen tusken de rigen konifearen. Syn kammeraat Samuel kaam de túnkerij op mei limonade en fulde koeken. Wylst se op 'e râne fan it wetterbassin sieten, lieten se de hannen troch it koele wetter gean.

Ferstuivere stoarre er nei it plafond. De dream wie sa echt, foel sa perfekt gear mei de werklikheid fan lang lyn, dat er dêr yntins nei weromlange. Roerleas bleau er lizzen, de hannen plat op 'e spreij, mei dat drôvige gefoel fan it wekker wurden út in moaie dream. Hy wist dat dat gefoel fansels ferdwine soe.

Lytse switdrippen ferskynden op syn foarholle. Panikerich socht er nei syn bûsdoek, fûn him ûnder syn kessen. Hy fielde de ring, dy't fan syn mem west hie. Flak foar't er wer yndodde tocht er oan de hinnepyk dy't er foar syn alfde jierdei fan syn pake krigen hie. En dêr wie ek it hok, de pikeloop, de bus mei foer op 'e planke yn it altyd skimerige fytsehokje. Hy koe it sachte, dûnzige lyfke hast fiele.

Syn lippen, geef noch, glieden drok oer elkoar. Hy probearre in wurd te foarmjen. Yn syn mûlshoeken prottele allinnich mar wat flibe, dat er kjel fuortfage. 'Dûns' woe er sizze. Allinnich mar dat wurd. Of 'Dûnske', de namme dy't syn mem foar de pyk betocht hie. Ien fan de seldsume wurden dêr't Henk oer beskikte.

Wer skeat er wekker, werkende de stimmen fan de ferpleechster en de juffrou fan it buffet. Se praten sêft, mar hy tocht ûngerêstens te hearren.

Mei it nije ûntweitsjen krongen kleuren en foarwerpen yn syn keamer pas werklik troch: de aansichten op it giele prikboerd, fêstset mei reade punêzes, it Wilhelminafaaske fan oranje glês by it rût en op it nachtkastke twa heale tabletten en de slúf mei it kranteberjocht.

Hy lei de bûsdoek fuort, stuts syn hân út nei it finsterbank, glied mei de wiisfinger licht oer de ynslipe W. Dy hoedene beweging, suver leafdefol, hearde by in dierbere herinnering.

4 septimber 1948. De keninginne die ôfstân fan 'e troan.

Yn 'e fierte tromgeroffel, it sketterjen fan trompetten. It muzykkorps makke op dy feestlike dei al betiid in earste rûntsje troch it doarp. De klokken beieren en fan alle huzen wappere de flage. Mei syn mem rûn Henk de Bergweg del. Hy hie in oranje sjerp om. De lokalen fan de skoalle foar spesjaal ûnderwiis wienen fersierd. De âlders krigen kofje mei oranje tompoezen. En foar de learlingen wie der behalve limonade in ferrassing.

De ferrassing siet yn in fjouwerkant doaske fan ribbelkarton. De jonge neist him yn 'e bank liet by it útpakken it faaske út syn hannen glide. Op it fuotteplankje spatte it útinoar. Henk wuolle it floeipapier der rêstich ôf. Triomfantlik hold er syn eksimplaar yn 'e loft. Mem sei dat se it in plakje op syn keamer jaan soe, fûn wol dat de organisaasje better in oar kado betinke kinnen hie. Mar it wie in moai faaske, mei luchtbûltsjes yn 'e hals.

De skoalle gong om tsien oere ticht, krekt as alle skoallen yn it lân. Al gau wienen de strjitten leech. De abdikaasje waard op 'e radio útstjoerd. Wa't gjin radio hie, gong nei de buorlju ta om te lústerjen. Dat dienen Henk en syn mem ek. De buorlju fan de beamkwekerij hienen in lyts tastel foar de waarberjochten. Henk syn heit koe der net by wêze. Hy wie as wykhaad fan de EHBO al ier en betiid ôfset nei it sirkwy yn 'e heuvels oan 'e râne fan it doarp. Fan 'e middei

soenen dêr foar it earst nei de oarloch de Grand Prix motorraces mei syds�an holden wurde. In parkoers mei uterst gefaarlike s-bochten.

De âlde Wielakker bleau noch eefkes op bêd lizzen, seach nei it gersfjild en de fiver mei de fontein, de hieltyd wikseljende tinten fan it wetter, in fûgel dy't dronk. Dêrnei telde er de kleurrike aansichten op it prikboerd. Syn freon Samuel gong noch altyd in protte op reis, mar fergeat him noait. Henk glimke. Hjoed wie it de hearlikste dei fan 'e wike. Alle freden kaam Samuel op besite. Oare besite krige er net. Fan 'e opwining beweegden syn lippen oerelkoar, mar út syn mûle kamen gjin fersteanbere klanken.

Wielakker gong rjochtop sitten, luts syn strik oan, soarge dat de knoop presys yn 'e midden siet. Untinkber dat er sleau yn 'e klean nei de rekreaasjeseal gean soe. De bûsdoek skode er yn 'e broeksbûse.

Praten hie him syn hiele libben de grutste muoite koste. As bern wie er opfallend let begûn te praten. Syn mem hie har soargen dêroer kenber makke by de dokters fan it konsultaasje- en kleuterburo. Dy fûnen haar ûngerêstens oerdreaun. 'Och ja, je hawwe bern dy't foarlik binne en guon rinne no ienkear achter.'

Yn 'e rin fan 'e jierren hie Henk him in lytse wurdskat eigen makke. It kostet him muoite om in sin te begjinnen. Hy is altyd oan it sykjen nei it goede wurd. De iene letter tilt er om samar te sizzen heger op as de oare.

No, wylst er op it bêd sit, docht er syn sloffen oan. Moaie readrute sloffen, in kadootsje fan Samuel. Noait komt syn freon op besite sûnder in presintsje.

De rekreaasjeseal, gesellich fersierd mei oranje slingers en ballonnen, wie hast leech. It WK fuotbal dwarrele oer it skerm. Fan de telefyzje stie allinnich it byld oan. Flak dêrfoar sieten trije manlju yn harren rolstoel. Henk gong op syn fêste plak by it raam sitten. Foar fuotbal hie er noait folle belangstelling hân. Hjir, yn dizze fiere hoeke, hie er goed sicht op it parkearplak.

Yn 'e fierte blafte in hûn. Noch fierder wie it lûd te hearren fan de

brede strjitwei dy't it forinzedoarp mei de stêd ferbûn.

Wielakker helle syn bûsdoek te foarskyn, tearde dy iepen op syn skurte, naam de smelle sulveren ring derút, poetste him op, stoarre der in skoftsje nei, wuolle him werom yn 'e bûsdoek. Dêrnei trommele er mei syn middelfinger wat op it tafelblêd en seach de seal in bytsje rûn.

'Foar jo in ekstra lekker kopke tee hjoed, menear Wielakker.' Hy skrok, hie Merel, it famke mei de kofjewein, net binnen kommen sjoen. Se joech der in bûtersprits by. En Marie, de ferpleechster, priizge him omdat er de twa healtsjes netsjes ynnommen hie, mar se sei wol dat er der hjoed noch in healen bykrige. Se seach derop ta dat er dy mei genôch wetter ynnaam.

'Ik hearde', sei Marie, 'dat de pedikuere fan 'e moarn west hat en dat de kapster jo knipt hat en de hierkes út jo earen en noas bywurke hat. Jo sjogge der goed út.' En flústerjend tsjin Merel: 'Wy moatte it him wol fertelle. Dy piloatestaking yn Parys is foarby, hearde ik op it nijs, en it fleanferkear komt wer op gong. Mar oft syn freon hjoed noch komme kin?'

Wielakker seach op, tocht dat ien him út 'e fierte wei rôp. De froulju wienen drok dwaande om him hinne. Henk woe harren betankje, die syn earmen op en del om syn geast te aktivearjen. Syn tonge beweegde tsjin it ferwulft, plakke, it wurd sakke werom. In koart momint flikkere fertwiveling yn syn eagen. Op syn lippen wachte it wurd. *Dûns*.

In frou mei in lyts, fjoerread noaske swaaide har rolstoel mei in flinke gong de seal yn en ried op Henk ôf. Dy hat de feart der goed yn, tocht er noch. Mar se remme op 'e tiid en stuts har hân út: 'Ik haw net de eare jo te kennen.'

Wielakker draaide de holle ôf, rjochte syn blik wer op it parkearplak. De frou begûn noch in swak, ferlegen glimke en posisjonearre har doe neist de trije manlju foar de telefyzje.

Noch eefkes en Samuel, syn knappe freon dy't trochleard hie, soe neist him sitte en herinneringen ophelje oan de túnkerij, oan de dei dat Henk definityf by him yn 'e hûs kaam. Samuel syn mem hie doe sein: 'Do bist ús twadde bern.' De legere túnbouskoalle hie Henk

fanwege de teoretyske fakken net ôfmeitsje kinnen, mar syn hiele libben hie er wijd oan de beamkwekerij fan syn pleechâlden.

It fuotbal waard ûnderbrutsen troch flitsen fan de TT yn Assen. Dy lutsen fuortendaliks Henk syn belangstelling. De deis foar syn alfde jierdei hie hy mei Samuel nei de motorraces west op it sirkwy fan de Zijpenberg. Tegearre wienen se nei it sânige terrein by de start fytst, dêr't de hurdgiele Nortons en helreade Harley-Davidsons, op harren stander lutsen, waarm stienen te draaien. Monteurs yn blauwe overals fierden kontrôles út. De motorriders en de bakkenisten mei harren griene mika brilleglêzen seagen der driigjend út. Yn 'e fierste hoeke stie de tinte fan de EHBO-post, noch ôfkomstich fan de Kanadeeske befrijingstroepen. En yn de iepening fan 'e tinte Henk syn heit, yn in legerkleurich, justjes te grut unifoarm, de baret mei it blau-oranje ynsinje skeef op 'e holle. Hiel stoer! Hast in soldaat of in fjildhear! Om syn earm in wite bân. De jonge wie grutsk op him. Syn heit hie hjir de lieding. Henk swaaide, mar krekt op dat stuit waard syn heit yn beslach nommen troch in lange, meagere frou dy't achter him de tinte út kaam. Sy wie ek yn unifoarm, droech in baret en hie twa wite bannen om 'e mouwe. Se wie dúdlik lilik op syn heit, makke drokke hânbewegingen yn 'e rjochting fan in brankaar en ferdwûn wer yn 'e tinte.

De heit fan Henk rôp de help yn fan de beide jonges. De brankaar moast nei in helppost, heger op it sirkwy. Dêr wie haast by. De jonges krigen fluch in polsbantsje en heit lei koart syn hân op 'e holle fan syn soan. Bliid ferrast seach Henk op. Dat die hy net sa faak.

It publyk kaam yn kloften opsetten achter de stekken. Nederlân wie noch hieltyd yn 'e weropbou. Elkenien hie ferlet fan in fersetsje.

It fiede as sweefde er. Mei Samuel makke hy diel út fan dit grutte spektakel. De stream fan minsken gong mar troch. Hy tocht oan syn mem dy't no ynkeapen die foar syn jierdei. Dêrnei soe sy ek nei de wedstriid komme.

In lije wyn waaide de beammen op 'e helling iepen. In roetsbaan fan ljocht dy't even ferblinde. Henk seach wer de boaze útfal fan de frou nei syn heit foar him. Op dat stuit waard spottend nei de jonges

roppen: ‘Geane jim der sels mar op lizzen!’ Der waard lake en joele. Samuel hie syn freon gerêststeld en sein: ‘Lûk dy dêr mar neat fan oan, se binne jaloersk.’

Proppen papier, in hânfol toarre blêden en wat tûken bedarren op ’e brankaar. Heal dravend berikten se de helppost. In jeep brocht harren werom nei de sintrale tinte.

De lange frou wachte harren op, bûgde har nei Henk ta en sei dat syn heit om in driuwende reden fuortroppen wie. Eangstich seach er nei har mûle en wrotte mei syn foet yn it sân. Wat er freegje woe bleau stykjen yn syn kiel.

‘Ik haw no gjin tiid mear, it is drok. Hearst it allegear noch wol.’

Dat momint soe er nei de ein fan syn libben ta hieltyd sterker foar him sjen. It koarte berjocht yn de pleatslike krante hat er altyd by him. De trolleybus dy’t syn mem by it oerstekken net sjoen hie. Oan it deadlik ûngelok sels woe er nooit tinke, dan soe er de hurde klap hearre, it ferbrizeljen fan har fyts. Yn syn ferbylding wie der gjin pine, gjin bloed.

Dy jûns sliepte er by de buorlju, yn it grutte útfanhûzersbêd, tegearre mei Samuel. De dagen dêrnei rûn er mei de hinnepyk om, holp buorman mei it besproeien fan de jonge oanplant. Praten die er noch minder as oars. Pas letter kaam dêr wat fan werom. In soarte telegramstyl.

In pear moanne dêrnei kaam de EHBO-liedster by de widner en syn soan yn te wenjen. Se wie leaf, freonlik tsjin Henk. Hy mocht Ans tsjin har sizze of tante. Se liet wol daliks witte dat se in grutte hekel oan hinnen hie. Dy lutsen mar mûzen en oar ûngedierte oan. ‘Rotbeesten!’ mompele se as se it flierkleed rânsele mei de klopper. Al gau koe Henk har net mear oansjen as se tsjin him prate. Dan griep se syn kin fêst, luts dat mei in hoart omheech. Syn heit waard

lilk om syn koppichheid. 'Ik wol datst dochst wat sy seit. De dingen binne no ienkear oars wurden.'

Op in dei ferdwûn de troufoto fan syn heit en mem fan it dressoir en makke se de tafel foar twa minsken klear. 'Do ytst tenei yn 'e keuken.'

Ut skamte gong er minder faak nei de buorlju. Syn freon Samuel seach er net folle, dy studearre yn 'e stêd.

Doe kaam de dei dat Henk syn herbarium meinaam fan skoalle. Ans stie achterhûs op him te wachtsjen: 'Wel, hast der wer drûge blomkes yn plakt?' Se luts har leafste gesicht, mar har lippen bleaunen tin en bleek. Hy die it boek net iepen. 'Wêrom seist net gewoan tante of moeke tsjin my? Ja, tenei moatsto moeke sizze!'

'Mmm... Mûske.' It wie derút flapt foar't er der erch yn hie.

'Och jonkje dochts, leaf moai jonkje', en se knypte stevich yn syn wang. 'O ja Henk, dyn heit socht juster it doaske mei de sieraden fan dyn mem. Witsto miskien wêr't dat bleaun is? It moat ergens op 'e sliepkeamer stean.'

Der ried in auto it parkearterrein fan Jûnsread op.

Merel naam syn tafel mei in wiet doekje ôf, knikte him bemoedigend ta. Wielakker woe har hân beetpakke, mar se hearde it pypke fan har mobyl en rûn hastich fuort. Ut 'e bûsdoek helle er de sulveren ring te foarskyn, joech der in tút op.

De middeis dat Ans nei it sieradedoaske frege hie, wachte de jonge oant er allinnich wie. Hy rûn de trep op nei de oerloop dêr't de linnenkast stie. Hy hie mem it dêr fuortlizzen sjoen, djip achter it linnenguod. Dat wie net sa lang foar it ûngelok. Hie syn mem in foargefoel hân?

Mei it glêde, ovale doaske wie er nei it sânige terrein by it startplak fan de motorwedstriden fytst. Dêr wie flear en lysterbei opsketten. Mei de hannen groef er in gat. Ut it doaske mei earknopkes en in gouden kettinkje keas er mem har sulveren ring. Sekuer duts er de skat ta mei blêden en dinnenullen. De ring waard

syn talisman.

Thús woe er syn fyts fuortsette. It wie al tsjuster en op 'e taast socht er it ljochtknopke doe't er achter him de doar tichtslaan hearde. Hiel eefkes noch tocht er dat it de wyn wie. Mar de kaai waard omdraaid yn it slot en it skrilte lûd fan Ans klonk: 'Dat sil dy leare! Ik wol witte wêr'tst de spullen fan dyn mem ferstoppe hast.'

Hy wachte, hope op 'e thúskomst fan syn heit. Hearde syn fuotstappen yn it grint by it hûs lâns. Hearde har oerstjoere geraas.

Achterlitten en hieltyd banger begûn er te slaan tsjin it dak en 'e doar. En sa hat Samuel him fûn en troch in gat yn it golfplaten dak befrijd.

Wielakker die de eagen ticht foar de skerpe bylden, trille oer syn hiele lichem. Op 'e telefyzje stie noch hieltyd de sportstjoerder oan.

In waarme tút op syn foarholle. 'Hee Henk, net yn 'e sliep falle hear! Ik bin wat letter as oars. Mar ik haw wer wat foar dy meinommen. Sa'nien ha ik sels ek. Se sitte hearlik sacht.'

It T-shirt mei de smiley paste presys.

JAN SIEBELINK

Simmer 2016

Jan Siebelink (1938) is auteur fan in oeuvre dat rûnom wakker priizge wurdt. Mei *Knielen op een bed violen* ferovere er in útsûnderlik grut en breed publyk fan mear as in heal miljoen lêzers. It boek waard ûnderskieden mei de AKO Literatuerpriis en yn ferskate talen oerset. Jan Siebelink hat in grutte leafde foar de Frânske literatuer. Hy ynterviewde hiel wat Frânske skriuwers, ûnder wa E.M. Cioran en Milan Kundera, en sette ûnder mear J.-K. Huysmans' masterwurk *À rebours* oer. Syn lêst ferskynde boeken binne *De blauwe nacht* (2014) en *Margje* (2015).

Sjoch foar mear ynformaasje en in oersicht fan syn wurk op www.jansiebelink.nl.

Dit ferhaal is skreaun yn opdracht fan *De Leescoalitie* yn it ramt fan de Nasjonale Foarlêslunch 2016 en 2016 Jier fan it Boek.

Op freed 7 oktober 2016, Nasjonale Aldereindei, is de fjirde edysje fan de Nasjonale Foarlêslunch. Bekende en ûnbekende Nederlanners lêze dy deis foar oan âlderen troch it hiele lân. De Foarlêslunch wurdt organisearre troch *De Leescoalitie* yn gearwurking mei de Biblioteken, en lit sjen dat foarlêzen in maklik ta te passen deibesteging is, dy't bydraacht oan de kwaliteit fan soarch foar âlderen. Wolle jo mear witte oer de foarlêslunch of binne jo op syk nei achtergrûnynformaasje by dit ferhaal? Gean nei www.nationalevoorleeslunch.nl.



**NATIONALE
VOORLEESLUNCH**



de  Leescoalitie

